

YNTERPELLAASJE, eks kêst 43 Reglemint fan Oarder jo. kêst 167 Provinsjewet

Rjochte oan DS / deputearre / foarsitter	Avine Fokkens-Kelder
Underwerp	Driigjende ferskraling iepenbier ferfier yn Fryslân
Motivearring foar ynterpellaasje	<p>Yn de Ljouwerter Krante¹ jout deputearre Avine Fokkens-Kelder oan dat hja moedeleas wurdt fan alle tsjinslaggen mei it iepenbier ferfier yn Fryslân. Legere reizgersynkomsten en hegere enerzjykosten kinne net oars as ta in soberder iepenbier ferfier liede, sa liet de deputearre yn de krante optekenje.</p> <p>De yntsjinners fan dit fersyk hawwe grutte soarch dat it iepenbier ferfier yn de provinsje fierder útklaaid wurdt en dêrtroch de leefberens fan Fryslân slim efterút gean sil. Sy wolle dêrom op koarte termyn yn de Steaten in iepen en earlik debat oer de takomst fan it iepenbier ferfier yn Fryslân fiere.</p> <p>Dat iepenbier ferfier wurdt bekostige troch de reizgersynkomsten en troch de provinsje, dy't foar dy taak in útkearing kriget fan it Ryk. It mei net sa wêze dat de finansjele risiko's troch de pandemy en de hegere enerzjykosten allinne troch de provinsje drûgen wurde. De yntsjinners wurdearje it dat de deputearre mei har kollega's fan de oare alve provinsjes in brânbrieff² oer ferlinging fan de koroanastipe stjoerd hat, mar binne fan miening dat mear nedich is om it iepenbier ferfier yn Fryslân oerein te hâlden.</p> <p>Op 26 april hat ús kolleezje twa brieven³ oan de Steaten stjoerd oer de effekten fan de koroana-pandemy op it ferfier yn 2021 en op de langere termyn en oer de stiigjende prizen foar enerzjy, dy't yn oerienstimming mei de kontrakten mei de ferfierder trochberekkene wurde oan de provinsje. Foar 2021 giet it dêrby al om 2,2 miljoen ekstra op in bedrach fan 52 miljoen euro. Foar 2022 doart it kolleezje noch gjin foarsizzing te dwaan, mar sil it grif net minder wurde.</p> <p>De yntsjinners binne fan miening dat it meast gaadlike momint foar de ynterpellaasje is op woansdei 18 maaie of eventueel ek yn de PS-gearkomste fan 25 maaie 2022.</p>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Sijbe Knol PvdA, Edou Hamstra ChristenUnie, Matthijs de Vries CDA, Anton Meijerman
Datum	27 april 2022

¹ Ljouwerter Krante, 'Avine Fokkens na weer een tegenvaller voor het openbaar vervoer: met de rug tegen de muur', 27 april 2022.

² Ljouwerter Krante, 'Friese gedeputeerde over stop coronasteun openbaar vervoer: Dit gaat gevolgen hebben', 15 april 2022;

³ DS Brief 'Jaarverslag 2021 Arriva Regio Noord' & DS Brief 'Ynventarisasje gefolgen Oekraïneoarloch foar provinsjaal wurk', beide 26 april 2022;